

Oan de leden fan de FNP

**Oparbeidzje foar Fryslân | bestjoersakkoart 2023 - 2027**

Ljouwert, 13 july 2023

**Achte FNP-leden,**

Op 6 july skreaunen wy jimme oer it bestjoersakkoart dêr't de FNP har ferantwurdlikens foar nimme sil. Doe koene wy noch neat oer de ynhâld sizze. Yntusken is it akkoart tastjoerd oan Provinsjale Steaten – ús heechste bestjoerlik orgaan. En hjoed is it dan ek safier en wurdt it akkoart presintearre oan de bûtenwrâld.

Wy binne tige grutsk op it akkoart sa't dat der no leit. Mei dit skriuwen wolle wy jimme graach meinimme nei de saken dy't wy as FNP binnen helle hawwe. Saken dy't ús goed passe en dêr't wy bliid fan wurde.

**'Oparbeidzje foar Fryslân'**, wy strûpe de mouwen op en geane oan it wurk!

De FNP Steatefraksje

Gerben van der Mei, Dinie Visser, Sijbe Knol, Sita Land-Dotinga,  
Thom Feddema, Tjitte Hemstra, Aukje Holtrop en Frank de Boer.

## **Oparbeidzje foar Fryslân Bestjoersakkoart 2023 - 2027**

### **In oersjoch fan de saken dy't wy FNP binnen helle hawwe.**

1. Der wurdt net besunige. Neist it strukturele budzjet dizze perioade komt in ynvestearring fan 175 miljoen euro.
2. Der komt in fikse ympuls op wenjen, leefberens, taal en kultuer.
3. Mei oare oerheden meitsje wy in fûst nei it Ryk en EU om mear jild nei Fryslân te heljen.
4. Eltse gebietsdeputearre kriget in miljoen euro frij te besteegjen.

### **Lânbou en Natoer**

1. Natoer en lânbou gean hân yn hân en kinne net sûnder inoar.
2. Alle boerebedriuwen meie der wêze. Gongber, biologysk én bio-dynamysk.
3. Der wurdt socht nei nije fertsjinmodellen.
4. Wy stribje nei sa min mooglik gebrûk fan keunstmest.
5. PAS-melders en oare knypgefallen lykas ynterimmers moatte mei faasje legalisearre wurde.
6. Wet- en regeljouwing wurde útfiert op in wize dy't by Fryslân past.
7. Wy stimulearje de produksje en konsumpsje fan lokale produkten.
8. Romte en it ôfwikseljend lânskip hearre ta de grutste kearnwearden fan Fryslân. Dy kearnwearden hoedzje en noedzje wy.
9. It Natoer Netwurk Nederlân sil ôfmakke wurde.
10. Wy hâlde each foar wichtige lânskipseleminten.
11. Wy sette troch mei it 'Werstelplan Bioferskaat'.
12. Wy stribje nei mear greidefûgels en sette troch mei it 'Oanfalsplan Skries'.
13. Der komt in subsydzjeregeling foar it werstel fan huzen mei fundearingskskea en ekstra omtinken foar de saneamde 'koade read' gefallen.
14. Wy wolle it ûnnedich gebrûk fan skjin drinkwetter tsjingean.

### **Wenomjouwing en leefberens**

1. By nije romtlike ûntwikkelingen wolle wy ús lânskiplike kwaliteiten behâlde.
2. Wy sette yn op wentebou neffens de autonome groei fan 17.500 wenningen, lykas earder al fêstlein is.
3. Wentebou nei aard, skaal en karakter wurdt mooglik makke yn alle Fryske kearnen.
4. It wol of net trochgean mei de Lelyline leit sûnt ferline jier yn hannen fan it Ryk. Om de belangen fan Fryslân goed te fertsjinwurdigjen binne wy wol by dy petearen belutsen. It moat ús net oerkomme. Dêrneist giet it 'Deltaplan voor het Noorden' it jiskefet yn. Fan in keppeling en útruile mei grutskalige wentebou kin gjin sprake wêze. Foar ús tige wichtich is dat de effekten op it lânskip en de natoer yn kaart brocht wurde. En dat de partijen yn Provinsjale Steaten yn posysje brocht wurde.
5. It plattelân moat berikber bliuwe mei it iepenbier ferfier. Derfoar stimulearje wy ek nije inisjativen op dit mêd.

### **Enerzjy**

1. Gjin grutte nije wynmûnen yn it iepen fjild.
2. Lytse útwreiding mei 15-meter mûntsjes wurdt tastien foar eigen ferbrûk by bygelyks toeristyske ûndernimmers.
3. Op de bedriuweterreinen yn Ljouwert, Drachten, It Hearrenfean en Snits steane wy ta dat der wynmûnen mei in tiphichte fan maksimaal 100 meter komme.
4. Gjin nije grutte sinneparken op goede grûn.
5. Ynsette op nije ûntwikkelings lykas akwatermy, wetterstof en griene ammoniak.
6. Tsjin nije winning fan oalje en gas yn Fryslân.
7. Undersykje oft koöperaasjes yn de projekten fan it Ryk meidwaan kinne.
8. Op nei ien enerzjyloket foar ynwenners en bedriuwen.

### **Wurkgelegenheid**

1. Ynsette op fakmanskkip.
2. Rom omtinken foar it MBÛ en foar Ljouwert as in folweardige studintestêd.
3. De Fryske ekonomy wurdt noch mear sirkulêr.
4. Der komt in plattelânstoets mei as doel it plattelân leefber en fitaal te hâlden. Foar no en yn de takomst.
5. Wy hawwe omtinken foar de fiskerijsektor en de grutte útdagings dêr't sy foar stean. Tegearre mei it Ryk sille wy dêr by de EU mear omtinken foar freegje.
6. Der komt in ynternasjonale kongres oer duorsum toerisme op ien fan ús eilannen. Hoe bliuwe ekonomy, natoer, toerisme en leefberens yn lykwicht?

### **Us mienskip**

1. Foar leefberens sette wy neist it strukturele budzjet dizze perioade 14 miljoen euro ekstra jild yn.
2. Wy sette troch mei it Iepen Mienskipsfûns (IMF).
3. Binnen it IMF komt in regeling lytse mienskipsinistativen en in ûnderhâldsfûns foar MFA's, doarpshuzen en wyksintra.
4. Doarpswurk bliuwt.
5. Wy wurkje op nei ien loket foar ús mienskip.
6. Wy ferminderje de regeldruk foar eveneminten.
7. Der komt in stimulearringsregeling om ús bern sporte te litten. Benammen foar de minima.
8. Foar erfgoed komt dizze perioade 5 miljoen euro jild beskikber.

### **Taal**

1. Dizze perioade is der foar it Frysk 10 miljoen euro ekstra beskikber boppe op de strukturele jildstreamen.
2. De stipe oan it Taalplan Frysk 2030 bliuwt folslein oerein.
3. Frysk en de streektalen wurde brûkt en sichtber makke by ynstellingen en organisaasjes dêr't de provinsje in subsydzje relaasje mei hat.
4. It Taalkado bliuwt bestean.
5. De learstoel Frysk oan de universiteit bliuwt oerein.
6. Der wurdt ynset op in eigen ûnderwiisynspeksje dy't net allinnich nei it oanbod fan de taalprofilen sjocht, mar ek nei de útfiering.
7. It Ryk moat substansjeel mear bydrage oan it Frysk, as ien fan de twa Rykstalen.
8. Binnen de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) wolle wy mear omtinken foar ús skiednis.

### **Kultuer**

1. Neist de strukturele jildstreamen sette wy 17,5 miljoen euro ynsidinteele jild yn.
2. Der komt in ferfolch op it hjoeddeistige kultuerbelied Nij Poadium.
3. Wy sette yn op in sterke ynfrastrukturel mei ynstellingen dy't it ferhaal fan Fryslân fertelle.
4. Bern sille stimulearre wurde om ús kulturele ynstellings te besykjen.
5. Wy sette ús yn om mear jild foar kultuer op te heljen by it Ryk en út Europa wei, bygelyks yn 'e mande mei Arcadia.

### **Jildsaken**

1. Mei in weromrinnende begrutting bliuwe eins alle strukturele útjeften oerein.
2. Boppedat ynvestearje wy dizze perioade rom 175 miljoen euro oan net struktureel jild.
3. Dêrneist ferwachtsje wy ek in soad út De Haach wei foar it Frysk Programma Lanlik gebiet (FPLG).
4. De provinsjale opsinten geane net mear omheech as de ynflaasjekorreksje.

Hjirmei wolle wy Fryslân leefber, fitaal en noflik hâlde.

### **Kandidaat Deputearre**

De beëge FNP-deputearre is Sijbe Knol.

### **Wizigingen Steatefraksje**

Gerben van der Mei wurdt foarearst de nije fraksje-foarsitter.  
Tjitte Hemstra wurdt it nije steatelid.